



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE Wirdum Fr e.o. Snein 19 maart 2023

Wolkom



De âlderling fan tsjinst hjit ús allegearre wolkom.

Iepeningslied

Wy sjonge mei elkoar as iepeningslied lied 283 fers 1, 2 en 3: **“Yn e mannichte fan lûden”**



blomstik.

**Oculi; lepen eagen
Sjen, en sjoen
wurde
Wa bist do
Wurden?**

De fisk (Ichtus) mei yn it midden in ring om elkoar te sjen.



Oer dizze snein

De 1^e lêzing is Psalm 1 yn de wurden fan Huub Oosterhuis: “Goed is dat je net dogge wat min is, net achter oplichters oanrinne”.

Wy sjonge dernei Liet: Bless the Lord, my soul (103 e) 2x: Ingelsk en Frysk

Bemoediging

Fg. Us helper is de Heare
Gem. **dy't himel en ierde makke hat**
Fg. dy't trou hâldt yn ivichheid
Gem. **en net loslit it wurk fan syn hannen.**



Momint fan stilte.
Gebed om waarmte.
Hjirnei sjonge wy de fersen 3 en 4 fan lied 283.

Utlis oer de liturgyske skikking

Klaaske de Boer jout in taljochting op it liturgysk



De 2^e lêzing is út Mathéus 1 fers 1 – 5.



“Doe't Jezus de mannichte seach, gong er de berch op, en nei't er sitten gien wie, kamen syn learlingen by him. Hy naam it wurd en learde harren:

Segene: de earmen fan geast, want harres is it keninkryk fan de himel.

Segene: wa't treurje, want sy sille treaste wurde.

Segene: de sêftmoedigen, want sy sille de ierde ervje.

Segene: wa 't honger en toarst hawwe nei gerjochtichheid,

want sy sille sêde wurde.
 Segene: de barmhertigen,
 want sy sille barmhertichheid ûnderfine.
 Segene: wa't suver fan hert binne,
 want sy sille God sjen.
 Segene: de fredestichters,
 want sy sille bern fan God neamd wurde.
 Segene: wa't ferfolge wurde om 'e
 gerjochtichheid,
 want harres is it keninkryk fan de himel.

De silichsprekkingen waard songen troch de foargonger.

Preek

'Printsje dy wurden yn it hert fan dyn ferstân'

Yn 'e preek fertelde ús foargonger dat him oait frege waard wat er dwaan soe yn de fêsteltiid. Syn spontane antwurd wie doe dat er 'minderje' yn wurden woe. As predikant hawwe je te krijen mei in wrâld fan wurden. Mar soms binne dat der tefolle, te moai. En it giet net allinne om



wurden mar ek om it dwaan.

De keunst is hoe of sto it leauwen yn dyn hert slute kinst. Dan giet it om de wurden dy 't der ta dogge. Foar him binne dat de silichsprekkingen. Alle moarnen sprekt

hy se út, faak yn de tún mei sicht op de greide.

Yn de rin fan de tiid is hy dy wurden sjongen gien. Sa't er dat ek foar ús die dizze moarn. Dat is foar him in manier om it yn syn hert te



sluten.

Wy sjogge mei elkoar nei de beam fan de silichsprekkingen – dy beam foarmet de ferbining tusken Psalm 1 (doch it goede) en de wurden fan de silichsprekkingen fan Mathéus.

Wurden dy 't printe binne yn it hert fan dyn ferstân. Wurden die by je opkomme ast' wekker makke wurdst of at it net sa goed mei dy giet. En de fraach oan ús is: 'Hokker wurden binne dat foar dy?'

Momint stilte



Muzyk fan it oargel troch Albert Minnema.

Meidielings en kollekte

De blommen fan dizze snein binne foar frou T. Wijnia-Siksma yn Reduzum.



De 1^e kollekte is foar misjonêr wurk.
 De 2^e kollekte is foar it eigen tsjerklik wurk.

Gebeden

De gebeden wurde ôfsletten mei it sjongen fan Us Heit.



Als slotlied sjonge wy liet 425: "Wy gean mei
Jo segen".



Seine

Wy krije de Seine mei en beänderje dy mei
"Amen, amen, amen".



Meiwurkers

Foargonger: Ds. Hinne Wagenaar
Alderling: Elske Roorda
Diaken: Hannah Reitsma
Oargel: Albert Minnema
Koster: Folkert Jongbloed
Beamer: Hendrik Hiemstra
Blommen: Klaaske de Boer

Tekst: ROB

Foto: ROB